

# Stjerrebarrewier



Koarte ferhaaltsjes

Skreaun troch H. Steegstra

# Ynhâld

1. Stjerrebarrewier	side 3
2. It erfskip	side 9
3. Deropút	side 14
4. De baarch	side 17
5. Lytse poppe Koos	side 22
6. De wurkster	side 27
7. Fuotbalsupporter Pyt	side 31
8. Op'e grientetún fan Fokke	side 36
9. Op fakânsje	side 41
10. Op besite	side 46
11. Frjemd sa't it gean kin	side 50
12. Kroechpraat	side 54

# 1. Stjerrebarrewier

Yn 'e krante stie dat der in man wie dy't syn jild neilitten hie oan in biste-stichting. Oan katten om krekt te wêzen. Hy hie wat mei katten. No bart soks wol faker. Der binne minsken dy't gjin frou en bern ha, mar wol aardich wat jild, en guon tinke foar har dea; wêr moat myn jild no hinne? Jou ik myn jild oan 'e tsjerke of oan in goed doel. No, dizze man joech al syn sinten oan sa'n bistestichting. Mar it kin ek oars.

Sa wie der ris in man dy't syn libben lang smoarde yn it jild. Ja, dat seinen de minsken. Ik ha nea op syn rekken sjen kind. Mei in protte famylje woe er gjin gedoente ha. Hy kaam wol in protte by ferieningen. Sa hâlde er kontakt mei de minsken en as er in goed sin hie, dan joech er sa'n feriening wolris wat jild. Wêrom net. Hy hie genôch en dy ferienings koene altyd wol sinten brûke.

Sa gie it jierren.

No barde it op in dei dat er slim siik waard. Hy moast nei it sikehûs.

It like net sa bêst dat sadwaande kaam de notaris by him yn it sikehûs.

Dêr kaam op papier wêr't syn jild hinne moast. Allinnich hy ferpofte it om syn hantekening derûnder te setten. Dat kaam wol as er wer thús wie. Mar de bêste man kaam net wer thús. De sinten kamen no ek by dy minsken dêr't er gjin gedoente mei ha woe.

Joop seach nei de minsken dy't om him hinne sieten.

"Ja, ik sis it jim stjerrebarrewier." De froulju harken goed en skodhollen.

Joop koe it sa moai opsizze. De measte minsken koenen him wol. Jo moasten net alles oannimme wat er sei mar in protte dingen wienen wier bard. Foaral as er sei: "Stjerrebarrewier."

"Myn oerbeppe", sei Joop, "rûn sawat mei de noas op 'e grûn. Se hie har libben lang by de boer wurke fan moarns ier oant jûns let. No dat wie swier wurk dat sil ik jim sizze. Se krige fiif bern dêr't trije fan, ja jim sille it wol net leauwe wolle, al yl op harren hannen hienen doe't se berne waarden." "Tja," sei Joop, "dat wienen nochris tiden. No hie ús oerbeppe dy bern ek fan ferskate manlju, dat moat ik der wol efkes by sizze. Sjoch wêr't wurk wie dêr gie se hinne. Se is mar fyftich wurden." De froulju: "Joop hoe witsto soks." "No, út it argyf, dêr kinne jo in protte út gewaarwurde. "Wat moatst no sûnder ynternet hjoed-de-dei," sei Joop. "Ja, net dat ik in kompjûter ha, ik ha it geduld net en kin der net mei omgean. Lit my it nijs mar út 'e krante helje. Nee, ik ha dêr myn mantsje foar dy't alles foar my opsiket."

"Ha jim wol lêzen fan dy man dy't delsketten waard troch syn eigen hûn?"

Joop lake it út. "It sil jo mar oer komme, mar dy hûn bleau mei de poat efter de trekker fan it gewear hingjen dat op 'e grûn lei. De jager stie te pisjen en waard efter yn 'e rêch rekke troch in skot hagel." Oan belangstelling hie Joop gjin gebrek. Ferskate minsken yn it doarpshûs skuorden har de bûsen út.

Der wie mar ien sa'n man as Joop yn it doarp. Hy fertelde net allinnich stikjes út 'e krante mar ek oer minsken út it doarp. Smout praat, sis mar. Sa hat er in man kinnen dy't wol fan in slokje hâlde.

Dy man kaam in kear yn it doarpshûs en frege oan de minsken oft se syn pet ek sjoen hienen. "Ik bin myn pet

kwyttrekke," sei er. De oanwêzige minsken seagen him ris oan en koenen doe har laitsjen net ynhâlde. Ja hy sei ek noch tsjin harren, as hja de pet fûnen oft se dy dan by him thús bringe woenen.

Hy kocht in slokje, dronk it op, en rûn mei de pet op 'e holle nei bûten.

"Ja, stjerrebarrewier," sei Joop tsjin harren.

"Kinne jimme dat ferhaal wol fan dy twa broers dy't nei de grutte stêd gienen? Twa boeren dy't der efkes foar in dei út woenen. Ja, no ha ik it net oer boer siket frou fansels. Nee, dizze manlju seinen wê't it op stie. Sa hienen se efkes oan in bakje kofje sitten yn in grut warehûs en woenen ek efkes boppe sjen. Dat se moasten mei de lift omheech. Yn 'e lift stienen ek twa froulju. Se moasten nei de viifde etaasje. Neat oan 'e hân, mar doe barde it. Yn 'e lift tilden de froulju ynienen harren truien omheech. Dat de beide broers seagen dêr har bleate boarsten. Se seagen der efkes nei. Seit de jongste tsjin dy froulju, no dit stelt my ek neat foar. Ik ha alle moartiden ferskate boarsten yn 'e hânnen en dy binne mear mânsk as dy fan jimme. Sa stapten se út 'e lift en lieten dy beide froulju ferbjistere efter."

De minsken laken har slop. Dy Joop. Joop fermakke de minsken dus net allinnich mei syn ferhalen mar hy wie ek goed foar de omset yn it doarpshûs. Ja dêr skoden ferskate minsken oan om syn ferhalen oan te hearren. Mar it wie net allinnich wille. Joop koe ek tige lulk wurde oer stikken yn 'e krante. Foaral oer dy fuotballers mei harren kapitalen. Net in minske is safolle jild wurdich. It is skandalich. "Se helpe de hiele sport nei de kloaten," sei er dan. En oer al dy televyzjeprogramma's fan tsjintwurdich. "It is betiden om te janken wat ik op de televyzje sjoch. De hûn wol der gjin brea fan frette. As

wy allegearre de televyzje no ris útdwaan soenen dan wie it gau oer mei al dy programma's."

Sa koe Joop noch wol efkes trochgean. Mar dêr sieten de minsken net op te wachtsjen. Nee, se woenen ferhalen hearre fan Joop. Dan wie er op syn bêst. Foaral as er it moaier makke as it wie.

"Kinne jimme Sjoerd Fisk?" De minsken skodhollen. "Nea fan heard."

"No Sjoerd kaam út 'e Westereen. Sjoerd siet yn in rolstoel. Ik ha him ek net oars kinnen as dat er dêr yn siet. De minsken seinen wolris dat him neat mankearre, mar goed dat wit ik net. Dat wie it praat no? Dy Sjoerd wie sljocht op fiskjen. Sa gie er faak nei it wetter om syn angeltsje út te smiten.

No barde it op in goede dei dat Sjoerd oan it wetter siet. It wie prachtich sinnich waar. Hy hie al wat lytse wytfiskjes fong doe't er wer byt krige.'

De dobber sprong wat op en del en gie der doe mei faasje fan troch. Sjoerd joech him wat tried om dêrnei ta te slaan. No dat wie rekke. Hy fernaam dat der wat gruts oan 'e heak hie.

Dat Sjoerd sette him skrep yn 'e rolstoel om dy fisk op 'e wâl te krijen.

En wat tinke jim? Joop seach om him hinne, nei de oaren. Gjin minske sei wat. "Fergeemje", sei Joop, "waard er net mei rolstoel en al it wetter yn lutsen troch dy fisk? Ja, stjerrebarrewier sa wier as ik hjir sit. Minsken Sjoerd hat nea wer te fiskjen west.

Sa kin ik ek in ferhaal oer in weddenskip. Wat se der tusken set hienen wit ik net mear. Mar goed, dizze jonge knaap sei tsjin de oaren dat er wol in flesse kofjemolke opsûpe koe. Yn ien kear. No soks moasten se sjen

fansels. Dat hy slobbere de flesse leech en hie de weddenskip wûn. Allinnich wie er nei de tiid sa beroerd as in kat. Hy hat him it hert út it liif spuid. Dyselde jonge wurke by in supermerk. Hy wie grienteferkeaper. Komt in frommes op him ta en freget om in kropke slaad. Seit dy jonge tsjin har: wolle jo it meinimme of frette jo it hjir op? Dat frommes alhiel oerémis nei syn baas ta. Dy jonge krige op steande foet ûntslach. Stjerrebarrewier," sei Joop. De minsken laken it út.

Nei in slobber út syn kopke kofje giet Joop troch mei syn ferhalen.

"Komt in mantsje by de boer om ierdappels. Sa'n skytskjin mantsje dat koe de boer wol sjen oan 'e klean en 'e auto. Seit de boer tsjin him: wat foar soart ierdappel wolle jo ha. Borgers of reade star. No, seit dat mantsje, doch mar reade star. Goed, seit de boer tsjin him en wolle jo de manlike of de froulike soart ha? Dat mantsje sjucht him ris oan en seit: dêr ha ik noch nearne fan heard. Ja, seit dy boer, jo meie it sizze. No jou de froulike dan mar. Goed, seit de boer en pakt in sekfol reade star en giet dermei nei de auto fan 'e man. Dy docht de efterklep iepen. De boer pakt de sek beet en leget de sek yn de kofferbak. Dat mantsje ferbjustere tsjin him: man wat dogge jo no! No seit dat boerke, jo woenen dochs froulike ierdappels ha net? Ja, en sei it mantsje. Ha jo wolris in frou mei in sek sjoen?

Dat mantsje fansels dûm, mar goed se leinen al efter yn 'e kofferbak hin.

Mei in glunderjende eagen seach Joop nei de minsken. Se fermakken har dizze middei bêst. No en Joop him ek fansels. Doe seach er op syn horloazje en sei tsjin de oaren dat it tiid waard om nei hûs te gean. Hy betelle,

groete en rûn nei bûten ta. Sa rûn it doarpshûs yn in kertier leech. Want as Joop giet, dan wie er neat mear te belibjen.



Colofon:

© 2013 Henk Steegstra

1<sup>o</sup> ebookuitgave augustus 2013

Uitgeverij U2pi BV, [www.jouwboek.nl](http://www.jouwboek.nl)

ISBN 978-90-8759-381-0

NUR: 303

